

[0491]

EELKE MEINERTS (1732-1810)*Syn libben op 'e nij bisjoen*

It literaire wurk fan de 18de-ieske dichter en proazaskriuwer Eelke Meinerts¹ hat - foar safier tominsten yn it Frysk - hiel hwat mear omtinken krige as syn libbensrin. Om't dêr mar sa'n bytsje fan oerlevere is, hoecht it jin gjin nij to dwaen dat der yn de gong fan de tiid in frijhwat forkearde foarstelling fan ûntstien is. De iennichste dy't dêr al ris op wiisd hat, is de genéalooch Vleer², mar syn krante-artikel is sa't it liket net al to bot achtslein, hwant noch hyltiten wurdt de âlde (en dus minder goede) foarstelling oernaem³. Boppedat kin ek oan Vleer syn forhael noch wol it ien en it oar tafoege en forbettere wurde. Mei't in net-bitroude biografy fan in skriuwer ôfbrek dwaen kin oan it forstean fan syn wurk, is der reden genôch om it libben fan de as midfrysk skriuwer net ûnbitsjuttende en ek as eksponint fan it Oranjefolk nijsgjirrige figuer fan Eelke Meinerts ris op 'e nij to bisjen.

De oerlevering

Tiede Dykstra (1820-1862) is by myn witten de earste dy't in oersjoch oer Eelke Meinerts syn libben jown hat. Dat kin men fine yn *In wurdtsje foarôf* (datearre: novimber 1860) ta de fjirde printinge fan *It libben fen Aagtsje Ysbrants*⁴. Folle hat Dykstra lykwols net mei to dielen en dat jowt er sels ek fuortdaelk ta. Hwat er noch al wiis wurde koe, hat er neffens eigen sizzen to tankjen oan in J. Buma to Kollum. Dy sizman kin sûnder folle swierrichheden identifisearre wurde as Jan Teijes Buma (Eanjum 1811-Kollum 1886), fan 1835 oant 1874 ûnderwizer to Kollum⁵. In tiidgenoat fan Eelke Meinerts moatte wy yn Buma dus net sjen en syn ynljochtings moatte dan ek út 'e twadde hân wêze: hy sil dy wol fan âlde Kollumers krige ha. Op feitlike ûnkrekheden kinne wy him net attrappearje, útsein dan hwat it tal bern fan Eelke Meinerts oanbilanget. Dêr stiet foaroer dat sels berte- en stjerjier fan de skriuwer (it lêste wurdt opjown as 'om 1807 hinne') him ûnbikend bleaun binne⁶. Oan de oare kant witte wy troch Dykstra syn stikje in pear dingen dy't oare boarnen ús net fordútse kinne.

Lettere skriuwers oer Eelke Meinerts ha har bêst dien om binammen út in artikel fan J.H. Halbertsma (1789-1869), yn 1862 forskynd ûnder de titel *Petrus Wierdsma, Petrus Brantsma en Eelke Meinderts*⁷, safolle mooglik oer syn libben gewaer to wurden. Dochs stiet ek dêr, as 't der op oankomt, net sa'n soad oer ús skriuwer yn, mei hwa't Halbertsma boppedat persoanlik nea yn 'e kunde kaem is. Wol ha beide omgong hawn mei jonker Willem Anne van Haren (1749-

1835), in sûnt 1819 op Fogelsangh State to Feankleaster wenjende soan fan de forneamde Onno Zwier⁸, en dy syn frou Cecilia Johanna van Heemstra (Halbertsma sels brûkt foar it Feankleaster slot altiten de namme 'huize Vogelenzang!'). Mei har hat er it letter fansels wol ris oer Eelke Meinerts hawn, hoewol't er dêr hielendal neat fan opskreaun hat yn syn oantekeningen oer syn petearen mei de âlde jonker⁹. Faeks komt it dêr wol troch dat syn meidielings út 1862, dy't dus út it ûnthâld wei delskreaun wêze moatte, net allegearre like sekuer binne. Halbertsma fortelt bygelyks dat mefrou Van Heemstra gauris mei har man nei tsjerke ta gie yn Westergeast, dêr't Eelke Meinerts skoalmaster wie, en dat hja him 'plaatste (...) op éen harer menigvuldige landhoeven'. As men nou wit dat hja net earder as yn 1767 berne en pas yn 1797 troud is, dan kriget men wol yn de rekken hoe fier't Halbertsma der by troch wie. Dan kaem Dykstra hiel hwat tichter by de wierheit, doe't er skreau dat Eelke koart nei syn boask it skoalmasterjen al oerjoech en boer waerd ûnder Kollum.

Faeks wie it allegearre noch net iens sa min biteard as A.J. Andreae (1845-1899), dy't sa'n wiidweidige biskriuwing fan Kollumerlâns skiednis jown hat, net foar de tried kaem wie mei de sûnder fynplak opjowne meidieling dat Eelke Meinerts noch yn 1777 skoalmaster fan Westergeast wie en yn 1778 boer ûnder Kollum wurden is¹⁰. Foar lettere skriuwers oer Eelke Meinerts wie ien ding nou sa fêst as in hûs: it jier 1778 moast it kearpunt yn syn bistan west ha. Sa is it biskreaun fan Wumkes¹¹ en sa tocht ek Simke Kloosterman der oer yn har lêzing *Aegtsje Ysbrands fen Eelke Meindertz*, hâlden yn novimber 1918 yn De Haech¹². Dêryn brocht hja dat sa ûnder wurden: 'Mar yn 1778 do droech master Eelke de hânplak, it hoanneboek, it klokketou en 't foarsjongen oer oan syn opfolger Durk Teijens en waerde boer op in pleats efter Kollum...'. Doe't Wumkes in jiermannich letter wer oer Eelke Meinerts gear rekke, nou mei it doel om him in plakje to jaen mank de *Bodders*, hat er dêr it hânskrift fan juffer Kloosterman har lêzing by brûkt¹³. Yn syn opstel, dêr't sûnt hast elkenien (Vleer fansels útsein) op to seil gien is, fine wy de forkearde rekonstruksje fan Eelke Meinerts syn libben yn har biskiedende foarm: sûnt 1778 boer en dêrfoar nei alle gedachten al sûnt ± 1750 skoalmaster to Westergeast¹⁴. Hokfoar byld kin dêr nou oan de hân fan de boarnen foaroerset wurde?

Syn âlden

Eelke Meinerts is in soan fan Meinert Jelles en Japke Eelkes. Syn heit kaem fan Oentsjerk, dêr't er op 23 oktober 1692 doopt is as soan fan Jelle Luytiens en Trijntie Meijnerts¹⁵. Yn 1696 is Jelle Luytiens mei syn húshâlding forfearn nei in pleats yn it oanswettende Aldtsjerk. Is Meinert Jelles dus fan komôf in Trynwâldster, sûnt 1718 komt er yn de boarnen foar as boer to Westergeast. Yn it

florenkohier fan dat jier wurdt er neamd as hierder fan in pleats fan 60 pounsmiet (nû. 34), wylst er yn it stimkohier foarkomt op 'e nûmers 5, 20 en 21 (twa dêrfan moatte hoarnlegers sûnder hûs west ha). Syn pleats stie op 'e westlike útein fan de Trieme ûnder de klokslach fan Westergeast¹⁶; der waerd ek in einekoai yn de Sweagermieden ûnder Kollumersweach by brûkt¹⁷.

Yn 1728 moat Meinert Jelles trouw wêze mei Japke Eelkes, dy't neffens it femyljeboek-Beintema yn 1708 berne is¹⁸. Hja hat dus in foech sechstjin jier jonger west as har man. Hwer't hja weikomt, is net bikend, mar Westergeast leit wol it meast yn 'e reden. It doopboek fan Aldwâld-Westergeast neamt as bern út dat trouwen: Jelle (berne en foar 't neist ek stoarn yn 1729), noch in Jelle (berne 1730-stoarn 1746), Ylke (berne 1732), Beijske (berne 1735-stoarn 1809, trouw mei Riemer Hendriks, boer to Westergeast), Fopkje (berne 1737-stoarn 1799, trouw mei Meinert Heines, boer to Driezum en letter to Muntsjesyl) en Johannes (berne 1746 en stoarn 1820)¹⁹.

Meinert Jelles wie yn Westergeast in man fan kwizekwânsje, dy't boppedat wol jild meitsje koe (hy kin fansels ek yn it jild trouw wêze). It *Register der Huisgesinnen*, opmakke neffens resolúsje fan de Steaten d.d. 13 maart 1744, lit tominsten sjen dat er yn Westergeast op ien nei de heechste frijwillige bydrage yn in kwotisaesje levere hat. Allinne in net-boer, de âld-legerkaptein Van Hanecrooth, kaem boppe him út²⁰. Yn de Proklamaesjeboeken fan Kollumerlân fine wy Meinert Jelles werom as keaper fan lân en fierders fan twa hûzen en in pleats (de lêste keap, dêr't er as strykjildskriuwer oan hingjen bleaun wie, waerd it near op lein en is dus oergien). In e a r m e wâldboer moatte wy yn Eelke Meinerts syn heit dus perfoarst net sjen.

Dat Meinert Jelles tige yn oansjen wie op syn doarp, docht wol bliken út 'e funksjes dêr't er yn keazen is: dy fan regearjend tsjerkfâd yn 1729 en 1744²¹ en fan doarpsrjochter-ûntfanger yn 1742²². Dat lêste amt hat er waernaem oant syn dea yn 1747 (it femyljeboek-Beintema jowt as syn stjerdei de fjirde jannewaris fan dat jier op).

Jonge jierren (1732-1761)

Eelke Meinerts, de tredde soan fan Meinert Jelles en Japke Eelkes, is op 'e fjirtjinde desimber 1732 doopt as Ylke. De mannichste fan syn berte wurdt sûnt Andreae op 'e alfte fan dy moanne steld en dat sil ek wol útkomme, as men bitinkt dat er fjirtjin dagen foar Krystiid fan 1782 fyftich jier wurden is²³. It mei wol foar wis oannaem wurde dat er yn Westergeast by master Hidser Egberts op skoalle west hat. Nei it forstjerren fan syn âldere broer Jelle en syn heit wie er mei amper fjirtjin jier al de âldste manspersoan thús. Syn mem hat de buorkerij fuortset, mar is - om hokfoar reden ek - yn 1748 mei har bern forfearn

nei in pleatske yn Eastwâld ûnder Driezum, fuort westlik fan Westergeast²⁴. Dêr sil Eelke wol great wurden wêze yn it boerebidriuw fan syn mem.

Yn syn Driezumer tiid moat syn geastlik libben in kear naem ha, hwant it hat om syn tweintichste jier hinne west dat God syn 'ziele ontdekte en overreedde'. In tritich jier letter hat er dêr yn ien fan syn bilangrykste gedichten, *Triúmflied van een zoekende en gelovend vindende ziele*, utering oan jown²⁵. De grounslach fan in djip religieus tinken, lykas dat út hast al syn wurken nei foaren komt, moat yn dy libbensjierren lein wêze.

Yn 1755 (op 1 septimber wie de tredde proklamaesje) is Eelke Meinerts troud mei Lijsbet Martens fan Westergeast. Vleer is fan bitinken dat dat wol de dochter fan dy namme fan Marten Gossis west ha sil, dy't op 13 febrewaris 1729 tagelyk mei trije suskes yn Westergeast of Aldwâld doopt is. Ik hâld it der lykwols foar dat Eelke Meinerts syn frou de dochter fan Marten Knellis is, fan hwa't de 18de maeije 1738 as doopdatum opjown wurdt. Hja sil dan by har trouwen 17 en by it krijen fan har lêste bern 45 jier west ha.

It liket der hast op dat Eelke Meinerts nei syn boask syn eigen skoarstien rikje litte koe, hwant yn it spesykohier fan 1756 stiet by de namme fan syn mem: 'heeft een zoon uitgetrouwd'²⁶. Wol is er yn Driezum wenjen bleaun (it jiers dêrop waerd dêr in dochter fan him doopt²⁷), mar yn de kohieren wurdt er net apart opjown as biwenner fan in hûs. Hoe't it ek krekt wêze mei, it liket dochs wol aerdich wis dat er yn dy jierren de lieding oer syn mem har bidriuw hawn hat. Nei't it him fierders oanjowt, is dat yn 1753 troch de doe hurd taslaende fépest troffen, hwant dat jiers wienen der fan de fiif bisten fan it foargeande jier noch mar twa oer.

Meinert Jelles' widdou is yn 1758 wer nei Westergeast ta gien to wenjen²⁸. Noch tsien jier (it femyljeboek-Beintema jowt op dat hja op 30 novimber 1768 forstoarn is²⁹) hat hja dêr fierder buorke mei earst sawn, op 't lêst noch trije kij³⁰. Ek Eelke is mei syn húshâlding oerkaem nei syn berteplak, dêr't er yn 1759 syn twadde dochter doped litten hat.

Hidser Egberts, de Westergeastmer skoalmaster fan hwa't al earder praet west hat, is der yn 1757 ôf kaem to reitsjen. Twa jier lang is syn plak fakant bleaun; yn dy tiid hat de 'kerk- en schooldienaer' fan Aldwâld it foarsjongen waernaem. Sûnt maeije 1759 hie Westergeast lykwols wer in eigen skoalmaster en dat wie dan yndied Eelke Meinerts - 26 jier âld en foar dy tiid, lykas wy sjoen ha, nei alle gedachten yn it boerebidriuw wurksom. Sa net, mar twa jier hat er de 'dienst van de kerk en school' waernaem, lykas de tsjerkfâdijrekkens útwize³¹. Fan de likernôch 28 jier oan de Westergeastmer skoalle dy't him sa lang taskreaun binne, bliuwt sadwaende mar in binaud bytsje oer.

Dêr komt noch by dat Westergeast in saneamde 'winterskoalle' hie, dêr't dus allinne yn it winterskoft skoalle-

hâlden waerd. Ik meitsje dat op út in oersjoch fan winterskoallen, yn 1819 makke troch skoalle-opsjenner Nieubuur Ferf³². Doe wie it sa dat de Westergeastmer bern fan 1 novimber oan 30 april ta nei skoalle ta koenen en yn Eelke Meinerts syn tiid sil dat wol net oars west ha. Ek yn it skoalmasterstraktemint is oer dy jierren winliken gjin foroaring kaem, hwant Ferf jowt (ek wer yn 1819) f 27,-- jiers op, wylst Eelke Meinerts 27 gounen en 2 stûren fortsjinne. Dat komt ek aardich oerien mei de trakteminten foar it hâlden fan winterskoallen op oare plakken³³. Dy soarte fan skoallen lei oars net op sa'n bêste namme. Ferf neamt se tominsten yn 1818 in pest foar it ûnderwiis. Rillegau dêrnei (it sil om 1825 hinne west ha) koe Westergeast fan de list fan winterskoallen skrast wurde.

Eelke Meinerts hat dus twa jier lang it foarsjongen en de fierdere tsjerklike taken fan de skoalmaster yn Westergeast op 'e noed hawn, wylst er allinne mar yn it winterhealjier oan skoalle stien hat. Wol is nei alle gedachten it faeks hwat útsloerde skoallegebou yn syn tiid omraek opklandere. De tsjerkfâdij hat doe alteast net minder as 109 gounen, 8 stûren en 6 peinjes útjown foar it leverjen oan de skoalle fan hout, kalk en spikers, dêr't noch in pear gounen foar glêsmeitsjen en izerwurk bykaem. Sels hat Eelke Meinerts by de tsjerkfâdij noch ris in somme fan 1-1-8 fortsjinne mei wurk oan de Swemmersbrêge (tusken Westergeast en de Wâlddyk).

Mei syn sober traktemint henge de hâlder fan in winterskoalle foar in great part fan syn fierdere ynkomsten ôf. Dêrom hie er der meastal noch in birop by. Mei Eelke Meinerts wie it net folle oars, hwant hy hat der noch hwat buorkerij by oanhâlden. Mar ek mei de opbringst fan syn twa kij der oerhinne sil er it noch wol net breed hawn ha³⁴. Hy hat yn alle gefallen al rillegau it skoalmasterjen wer sjitte litten en it boerebidriuw foar kar naem.

Boer to Lytsewâld en Kollum (1761-1795)

De tolfte maeije fan it jier 1761 waerd Eelke Meinerts boer op in hierpleats fan 28 pounsmiet yn it bihindige doarpke Lytsewâld, ek wol Ausbûr neamd, tichteby Kollum³⁵. Ut 'e spesykohieren docht bliken dat er dêr úteinsette mei tsien kij, de rierren meirekkene. Nei seis jier, dêr't er wol aardich goed yn buorke ha sil, koe er in helte greater pleats op 'e hier krije. Yn 1767 is er dêrom forfearn nei Aylva-sate, in pleats mei 60 pounsmiet lân yn de Uterdykster kluft ûnder Kollum³⁶, in lyts eintsje noardlik fan Lytsewâld. Dêr bistie syn reau fé yn it bigjin út achttjin bisten³⁷ en dêrmei hie er, ek al brûkte er der gjin bou by, foar dy tiid in flink bidriuw.

De earste jierren op 'e Kollumer klaei ha faeks noch wol fleurich west, mar út in gedicht dat om 1780 hinne oan him en syn frou opdroegen waerd (*Op het smertelijk verlies van haar véé en twé kinderen*³⁸), witte wy dat de fépest

net oan syn bûthús foarbygien is. As men de spesykohieren der op neisjocht, dan docht jin bliken dat er al yn 1770 noch mar tsien kij oer hie, nei yn it foargeande jier seis forlern to hawwen. Dêrnei hat er wer in opgeande tiid meimakke, hwant sûnt 1773 foel er foar de heffing fan it 'hoofdgeld' ûnder it taryf fan de 'hele' ynsté fan de 'halve hoofden'. Dêr kin út opmakke wurde dat syn formogen yn dy snurje boppe de 600 karolusgoune kaem is³⁹. Yn 1778 krige er op 'e nij in tobekset, hwant yn dat jier is syn tal bisten fan 21 nei 17 sakke. Dochs roppe dy sifers in minder dramatysk byld op as de makker fan niisneamd gedicht ús tekenet, dy't rymke:

'Gij zaagt, van dag tot dag, vast mindren 't lieve vé, en
ze slepen van den stal; dat baarde ú daaglijks weën!'

De sifers út 'e kohieren jowe lykwols in momintopname; der kin mear forlies oan fé west ha, dat troch bykeapjen wer goedmakke is. Ek oer letter jierren falt jin soms in frij sterke efterútgong op, bygelyks fan 20 nei 15 oer 1787-'89. Dêrfan kin de skuld lykwols net mear oan de pestgoarre jown wurde, om't dy doe al oer wie⁴⁰.

Oer Eelke Meinerts as boer is fierders net sa'n soad bikend, útsein dan it tsjûgenis fan jonker Van Haren dat Eelke him eins allinne mar yn de ûngetiid goed foar syn bidriuw ynspande. Dan stie er 'als een braaf kapitein bij zijne soldaten' fan moarns ier oant jouns let foaroan yn it wurk⁴¹. Ek witte wy noch dat er yn 1779 de earste wie dy't in levering tsiis nei de nije waech yn Kollum tared. Neffens in (Frysktalich) rymke, sûnder mis fan syn hân, waerd it wicht fan dy tsiis troch de waechmaster fêststeld op net minder as 1074 poun. Salang as de waech yn bidriuw west hat, hat dat rymke dêr oan de muorre hingje. Yn 1895 is dêr foar it lêst hwat woegen: in greate partij wolle dy't (en dat wie grif net tafallich) brocht wie troch Meindert Veldinga, in oerpakesizzer fan Eelke Meinerts⁴².

Ek it femyljelibben fan Eelke Meinerts liket yn it earstoan wol fleurich west to hawwen. Yn 1777 troude syn âldste dochter mei in boer út 'e neiste omkriten en twa jier letter waerd er foar de njoggende kear heit. Rillegau dêrnei is lykwols in skaed oer syn libben fallen mei't er koart neinoar twa fan syn bern forlear⁴³. In ôfgrysluk swiere slach moat dêrnei foar him wol de dea fan syn op ien nei âldste dochter Japke (dy't al út 'e hûs troude wie) west ha (1783). Syn frou krige der in pear moanne letter noch in bern by, mar binnen it jier ûntfoel him al syn fjirde: it jongste soantsje Luytjen⁴⁴.

De slaggen dy't him yn dy jierren tabrocht binne, ha foar Eelke Meinerts yn ien ding winst bitsjut: hja ha him nei in tiid fan twivel wer tichter ta God brocht. Yn syn al earder neamd 'Triúmflied', skreaun op 'e 20ste maeije 1783 - in pear wike nei it forstjerren fan Japke -, hat er dêr fan tsjûge⁴⁵. Dochs hat de dea fan Luytjen him in jier letter sa djip yn it moed taest dat er mar kwealik syn opstannigens bidimje koe:

'Verhoed dat dit geval mij niet te zeer ontstelle!
 Of 'k úwen wil, die dit gewiltdt heeft, over mij,
 Niet zondig wederspreek, en dús mij reedloos kwelle,
 En ú beledig, die regtvaardig zijt en goedt'.

Mar oan de ein fan syn *Treúrklagt* nimt er God wer oan:

'Mogt ik mijn zoontje van úw goedheid eens verkrijgen,
 Gij neemt het billijk weer. 't was de úwe! ik hoop hij leeft,
 Bij *beter Vader* en gezelschap, maagschap vrienden!
 Dan hij in 's *vaders húis, op aard, genoten heeft*.
 Daar, daar verwacht ik eens hem *vrolijk* weer te vinden'.

Syn literaire aktiviteit

Om 1763 hinne, doe't er dus noch boer yn Lytsewâld wie, hat Eelke Meinerts in bigjin makke mei syn greatste ûndernimming op letterkundich mêd: it bibelske epos yn fersen *De vernederde en verhoogde Josef*⁴⁶. It wurk dêroan hat gauris moannen en jierren stillein, sa skriuwt er yn it 'Voorberigt', mar by einsluten hat er it dochs dienmakke. Net sûnder biskromming -'Wat zal ik zeggen ter verdediging mijner stoutheit?' - hat er dat mânske wurk (meiinoar 334 siden yn twa dielen) by H. Groenia to Dokkum op 'e drukparse lizze litten. It foarste diel krige fan de skriuwer in 'Opdragt aan mijne kinderen', datearre 7 septimber 1778, en in foarbirjocht mei; dêrnei folge noch in gedicht 'Op de vernederde en verhoogde Josef' fan in F. d V. Yn it 'Voorberigt' fan it twadde diel, skreaun op 30 juny 1779, ûntskuldiget er him foar al syn tokoartsjitten mei de wurden: 'gedenk dat ik een Leek, een eenvoudige Landman, een Boer ben...'.

Eelke Meinerts syn *Josef* is in neifolging fan *Abraham de Aartsvader in 12 boeken* fan Arnold Hoogvliet, forskynd yn 1727. Dat sil wol mei syn biskromming forklearje, hwant Hoogvliet (Vlaardingen 1687-1763) waerd troch syn tiidgenoaten eare as ien fan de greatste dichters fan syn ieu⁴⁷. Ek Eelke Meinerts sette him tige heech; sa neamt er him net allinne 'mijn Heldt', mar ek 'De Fenex van zijn eeúw'⁴⁸. Mei syn *Josef* hat er wol hiel hwat minder lof krige, as Hoogvliet mei syn *Abraham*, dêr't yn 1780 de tsiende printinge fan útkaem. Dochsoe it foar in literatuerhistoarikus de muoite wurdich wêze kinne en forlykje beide wurken ris meiinoar⁴⁹.

Njonken Hoogvliet syn epos kin der noch in oar wurk oanwiisd wurde dat Eelke Meinerts faeks biynfloede hat by it skriuwen fan syn *Josef*. Dat is it lang net ûnforneamde *The complaint or Night thoughts on life, death and immortality* fan de hân fan de Ingelske geastlike Edward Young, útjown yn de jierren 1742-'45. Neffens it foaropwurd by it foarste diel fan *Josef* hat Eelke Meinerts alteast bikend west mei de yn 1766 forskynde Hollânske oersetting fan J. Lublink⁵⁰.

Der is troch Eelke Meinerts nòch in heldedicht yn fersen makke, dat as titel hat: *De Kristelijke Ridder, vertonende de Lotgevallen van de Kristen kerk door al de tijden heen. Vervat in drie zangen*⁵¹. De helt is dêr net in persoan, mar de kristlike Tsjerke sels, foarsteld as in ridder. It is net bikend hoenear't dat wurk skreaun is, hwant it hânskrift fan 71 siden draecht gjin datum. Ta publikaesje is it nea net kaem; dêrom wurdt hjir in part fan de 'Voorreden' útjown, dêr't de skriuwer de ynhâld fan it stik yn gearfettet⁵².

Ek yn hânskrift biwarre bleaun is it gedicht *De Kristen in zijnen waren stand*⁵³. De strekking dêrfan is dat men allinne in Kristen lokkich neame mei. De skriuwer wit him suver gjin rie fan bliidskip en tankberens dat er dat lok sels foun hat. Op groun dêrfan leit it yn 'e reden dat dat stik nei it 'Triúmflied' fan 1783 ûntstien is. It is, sûnder kommentaer of oantekeningen, útjown troch Chr. Stapelkamp⁵⁴.

It Hollânsk wie foar Eelke Meinerts, hoewol't er dêr it meastepart fan syn wurk yn skreaun hat, fansels in frjemde en oanlearde tael. Sels klage er ris: 'de Nederduitsche taal zal ik mogelijk nooit regt leren'⁵⁵. Doe't er dat yn 1778 skreau, hie er oars ek al in pear stikken yn it Frysk op syn namme stean. It earste dêrfan wie in gelegenheidsgedicht op it ynheljen fan de steedhâlder Prins Willem V yn Ljouwert op 24 july 1773⁵⁶. Nei't er sels it ynkommen fan de prins meimakke hie, hat er de pinne opnaem om in wolkomstfers to skriuwen. Hy die soks dat de prins witte mocht dat ek Fryske boeren it Oranje goed mienden (r. 61-62). Hy gie der fan út, sa docht fierders bliken, dat Nederlân troch Oranje ûnder Gods biskerming stie en dat net ien it dêrom deare koe (r. 111-112). Dat is in opfetting dy't fansels net allinne troch dizze skriuwer nei foaren brocht is. Dy fisy op 'e skiednis is bygelyks wiidweidich útwurke yn it boek *Gods weg met Nederland* (1753) fan de lettere Stienwiker dûmny Arnoldus Rotterdam⁵⁷.

Fjouwer jier nei syn earste bisite kaem de prins jitris nei Fryslân ta en ek by dy gelegenheit hat Eelke Meinerts in Frysk wolkomstgedicht skreaun⁵⁸. Dat waerd nou ek útjown en wol by Groenia to Dokkum. Mei't it boekje al gau útforkoft wie, is op forsyk fan de printer in twadde druk útkaem. Diskear wie der in foaropwurd fan de skriuwer by, dêr't er de lêzers yn fornijde dat er njonken lof (ûnder mear om't er it yn it Frysk skreaun hie!) ek krityk krige hie en wol op it stik fan de stavering. Fan gefolgen hat er de twadde printinge 'nej dij least fin Gijsbert Japix schoege', dat wol sizze, hy hat de stavering fan Gysbert Japiks bistudearre en bisocht om syn eigen spelling dêr sa goed mooglik by oan to passen. Ek it by dy twadde printinge opnommen gedicht ut 1773, dat nou dus foar it earst yn it ljocht jown waerd, hat er hielendal omstavere. Yn in artikel fan Kloeke wurdt wiisd op 'e bitizing dy't dêrtroch yn syn stavering ûntstien is⁵⁹.

Dichterlike wearde ha beide gedichten grif net, mar hja

jowe ús wol in dúdlik byld fan Eelke Meinerts syn Oranjeleafde, dy't net minder great wie as syn Godsbitrouwen. Boppedat hat er de namme krige in kenner fan de Fryske tael to wêzen, sadat er op dat stik sels rieplachte waerd fan wittenskiplju lykas Petrus Wierdsma, ien fan de biwurkers fan de yn 1782 forskynde útjefte fan de *Oude Friesche Wetten*⁶⁰. It liket net ûnmooglik dat it kontakt mei him ta stân kaem is troch de oare biwurker, Petrus Brantsma. Dy syn heit, dr. Gerrit Brantsma, wie nammers, hoewol't er yn Dokkum wenne, sûnt 1747 ûntfanger fan Westergeast as opfolger fan Meinert Jelles⁶¹.

Eelke Meinerts syn meast bikende en populaire wurk is it proazastik yn de foarm fan in gearspraek *It libben fen Aagtje IJsbrants, of dy Frieske boerinne*, dat yn 1779 forskynd is, ek wer by Groenia. Neffens de ûndertitel wie it 'bijienbrogt trog ien fen Aagtjes bloedfrænen; en nou oon 't ljægt joon trog ien fen har goekunders'. Fierderop, yn de 'Taheakke', wurdt neijer yngien op it skriuwerskip fan dat wurk. Hjirre kin folstien wurde mei fêst to stellen dat dit it lêste is dat Eelke Meinerts sels útjaen litten hat.

In griemmank fan gelegenheidsgedichten en proazastikken is gearbrocht yn it hânskrift *Mengel-werken in Rijm en onrijm door E: Meinerts*, ek wol it Ingwierrumer hânskrift neamd⁶². De ynhâld dêrfan is moai wiidweidich biskreaun troch Wumkes⁶³, wylst de acht Frysktalige gedichten dy't der yn foarkomme, mei ynlieding, oantekeningen en wurdlist nochris apart útjown binne⁶⁴. Yn syn *Mengel-werken* hat de skriuwer fan alles opnaem, bygelyks parten út boeken (dêrûnder sels Heechdútske fragminten), fan himsels makke gedichten en fierders him troch oaren tastjûrde rymstikken. Wy kinne ús dêr net allinne in byld út foarmje fan syn kalvinistyske tinkwrâld (forlykje de eardere oanhalen op dat stik), mar ek fan syn omgong mei in great tal minsken út 'e Kollumer kontreijen.

Syn freonerounte

Foaral mei de femylje Van Heemstra to Feankleaster wie Eelke Meinerts wakkere great. Oan jonker Willem Hendrik van Heemstra, grytman fan Kollumerlân sûnt 1743, hat er in nijjierswinsk opdroegen, dêr't syn bisûndere achting ('van kindheit aan, tot op dit heden') en tankberens foar ûnderfoune gunsten út sprekt. Om't Van Heemstra op 18 septimber 1775 forstoarn is, kin dat gedicht (it earste yn de *Mengel-werken*, it lêste is út 1784) net letter as mei nijjier 1775 makke wêze. Ien fan de gunsten dy't de femylje Van Heemstra him biwiisd hat, is sûnder mis dat er yn 1766 boer wurde koe op in pleats fan de grytman syn jongste soan, Hector Livius. Doe't syn lânhearre yn 1783 kaem to forstjerren, hat Eelke Meinerts op him ien fan syn gedichten makke. It iennichste bern fan Hector Livius, de jonge frelle Cecilia Johanna (letter troude mei Van Haren), wie sûnt dy tiid syn lânfrou. Ien fan syn Fryske dichten is in

tanksizzing oan har foar it ûntheljen op waffels op har trettjinde jierdei yn 1780⁶⁵.

In dochter fan Willem Hendrik van Heemstra, mei namme Catharina Maria, wie troud mei jonker Maurits Pico Diederik van Sytzama, dy't op Rinsma State to Driezum wenne. Ek mei lêstneamde femylje hat Eelke Meinerts in soad omgong hawn, lykas bliken docht út 'e gedichten dy't er skreaun hat by gelegenheit fan de jierdagen fan fiif fan Van Sytzama syn bern, allegearre yn 1783. Op sokke dagen wie Eelke Meinerts to gast op it Driezumer slot. Yn in noat ûnder it gedicht foar frelle Wija Catharina (op har jierdei hie er net komme kind om't ien fan syn eigen bern doe slim siik lei) dielt er mei dat er har ûnderrjocht joech yn it psalmsjongen. Hwat fan de skoalmaster is blykber dochs yn him stykjen bleaun!

Foar jonker Willem Hendrik van Sytzama (yn letter tiid lid fan de Twadde Keamer) hat Eelke Meinerts in rymstik yn it Frysk makke. Dy syn antwurd wie ek yn it Frysk⁶⁶ en men mei hast wol oannimme dat er fan Eelke Meinerts hwat ûnderrjochte is yn it skriuwen fan dy tael. Der is fierders yn it 'Livre des sonnets de W: van Sijtzama 1781' in los bledtsje mei in koart gedichtsje 'Op dij vreúnschap' biwarre bleaun⁶⁷. Dat is it iennichste yn it Frysk fan in boskje gedichten op itselde thema, dy't blykber troch forskate fan de jonker syn freonen makke binne. Oan it hânskrift to sjen is it fan Eelke Meinerts ôfkomstich, alhoewol't men dat út 'e stavering net fuortdaelk opmeitsje soe. Dochs kinne wy it neffens my wol mei aerdich greate wissichheit oan him taskriuwe. De tekst fan dat oant nou ta ûnbikende fers is opnaem yn bylage D.

In oar biwiis fan Eelke Meinerts syn omgong mei de Van Sytzama's is it ynskrift op 'e gevelstien yn de eardere skoalle fan Driezum. It is in Hollânsktalich rymke fan syn hân, dêr't yn biskreaun wurdt dat frelle Anna van Sytzama yn 1787 de earste stien foar it nije skoallegebou lein hat, nei't it âlde ôfbarnd wie⁶⁸.

Ta de net-aedliken oan hwa't Eelke Meinerts gedichten opdroegen hat, moatte de neikommende persoanen rekkene wurde: T. Halbetsma, boargemaster fan Dokkum; syn útjower H. Groenia, ek to Dokkum; Halbo Kuipers (op it slagjen foar syn dûmnyseksamen - de fan Bûtenpost ôfkomstige Kuipers hat û.o. fan 1789 oant 1826 yn Ljouwert stien⁶⁹); Jan Gerkes (op syn oanstelling ta bysitter fan Kollumerlân - syn fan wie Blau⁷⁰); juffer Hendrieka Kiers (yn 1788 to Kollum troud mei in Meppeler abbekaet) en Geert Pijtters ('mijnen Boezemvriend, en Broeder inden Heer')⁷¹.

Men moat net tinke dat Eelke Meinerts allinne mar de hegerein, en dan binammen de adel, oankrûpte. Sa hat er bygelyks foar de tsjinstfaem fan dû. P.J. Andreae fan Lytsewâld in 'welkomstgroet en zegenwensch' makke om de dûmny op syn troudei oan to bieden. Ek de nijjierswinsken fan twa krantejonges út Dokkum koenen wol ris út syn pinne kaem wêze, alhoewol't dat der yn de *Mengel-werken* net by opjown wurdt.

Men soe sizze dat Eelke Meinerts in soad omgien hat mei dûmnys, mar dêr is dochs net sa folle fan oerlevere. Wol sprekt er yn ien fan syn gelegenheidsgedichten alle lof fan de forstoarne Petrus Fooij fan Damwâld, foar hwa't er ek in grêfskrift makke hat. Om't Damwâld doe mei Wâlterswâld en Driezum in kombinaesje foarme, moat er yn syn Driezumer tiid geregeldwei by Fooij tsjerke ha. In sielehoeder dy't by him gâns minder yn achting stie, wie G.Th. de Cock. De Cock, dy't fan 1765 oant 1801 Bitgum bipreke hat, is yn 1765 bikend wurden troch in learrede, dêr't er yn opkaem foar it idé fan de tolerânsje. De rjochtsinnigen ha doe sels in proses tsjin him oanspand, mar by einsluten binne de 'forljochte' bigjinsels dy't er foarstie, der hwat langer hwat mear yngien⁷². Doe't De Cock op 14 april 1776 yn Fisflyt kaem to preekjen, wie Eelke Meinerts ûnder syn harkers. De Cock syn preek joech him in spotdicht yn de pinne, dat net allinne yn de *Mengel-werken* oerlevere is, mar dêr't ek noch in hjir en dêr hwat ôfwikende kopy fan bistiet (opskrift: *Op dezelve, door Eelke Meinderts*). Dy lêste fersy stiet op ien stik pompier mei in spotdicht yn deselde geast, titele: 'Op de Nominatje Predikatje, van den Wel Eerwaarden en Geleerden Heer G: Th: de Kok gepredikt tot Visvliet Den 14 April 1776'⁷³. It is net bikend hwa't dêr de skriuwer fan is.

Hiel oare kost foarmje 'Eenige Regelen mij bij gelegenheid toegezonden, hoewel te zot, om ze te beantwoorden' en it troch Eelke Meinerts wol makke, mar net forstjûrde andert dêrop. De makker fan it earste rym wie de Drachtster poëet (lykas er him dêr sels yn neamt) Bernardus Fabricius, ek wol bikend as: Bearn Lap.

It lêste stik út 'e *Mengel-werken* dat ik neame wol, is in 'Nieúwjaars wensch door Marten Æsoges aan zijn Neeff, E: Meinerts', nei alle gedachten út 1780. De skriuwer is sûnder mis Marten Easges Teenstra (Tearns 1742-Zuurdijk 1806)⁷⁴, ek al om't dy sûnt 1765 troud wie mei Elisabeth Douwes fan Beintemahûs ûnder Westergeast, dy't in nicht fan Eelke Meinerts syn frou west ha moat. Marten Easges hat earst acht jier lang boer west ûnder Eanjum en dêrnei in pleats op 'e Raken ûnder Kollum op 'e hier hawn (oant 1776). In jiermannich wie er sadwaende in net al to fiere buorman fan Eelke Meinerts.

Johannes Meinerts, Eelke syn jongere broer, hat foar syn trouwen to Eanjum yn de lear west, foar 't neist by Marten Easges. Yn 1772 is er yn alle gefallen boaske oan Jeikjen Douwes, in suster fan Marten Easges syn frou. Nei in pear jier yn Driezum waerd Johannes Meinerts yn 1776 boer op in pleats by Muntsjesyl. Hy hat syn sweager Marten Easges, dy't datselde jiers in great boerespul to Zuurdijk yn Grinslân koft hie, bihelpsum west by it yndykjen fan it Rûchsân⁷⁵.

Oft de minnist en patriot Marten Easges, dy't yn 1787 de út Fryslân forballe Eise Eisinga fan Frjentsjer ûnderdak jaen soe, en Eelke Meinerts altiten like sibbe freonen bleaun binne, is fansels de fraech. Bikend is allinne dat

Marten Easges om 1800 hinne yn syn bibleteek njonken in boek as *Over de Regten van den Mens* fan de Ingelske radikale republikein Thomas Paine ek noch hie: *De verhoogde en vernederde Jozef, Anskie (sic!) De Friesche Boerin en Welkomstwensk aan de Prins*, allegearre fan Eelke Meinerts⁷⁶.

De lêste fyftin jier (1795-1810)

Hwat de politike omkear fan 1795 foar Eelke Meinerts bitsjut hat, kin men fan tinken wol ha. Foar in fûl Oranjeman as hy moat de ôfsetting fan de troch him sa bijubele steedhâlder in swiere slach west ha. Ek de lykstelling fan de tsjerken sil er min syn moed oer hawn ha. Der is lykwols neat mei wissichheit to sizzen oer syn hâlden en dragen yn dy tiid. Wol kin der op wiisd wurde dat syn broer Johannes Meinerts, dy't yn 1786 boer op 'e pleats fan syn sk oanâlden ûnder Westergeast wurden wie, foar Kollumerlân keazen is ta 'representant fan it frije folk fan Fryslan' (biédige op 7 septimber 1795)⁷⁷. Dat betsjut net dat Johannes patriot wie, hwant der binne ek wol net-patriotten ta representant keazen. Hy hearde boppedat ta de groep fan 'slijmgasten', dy't yn jannewaris 1796 troch de jakobinen oan 'e kant reage waerd en tydlik nei Grins útwike moast⁷⁸.

Hwat hat de hâlding fan Eelke Meinerts by it Kollumer Oproer fan febrewaris 1797 west? Hat dy Kollumer Oranjeman dêr ek oan meidien? Ik ha mar ien boarne fine kind dy't ús dêr, sydlings, oer ynljochtsje kin. Dat is in list fan boeten dy't de ynwenners fan de oproerige doarpen oplein binne⁷⁹. Foar blykber alle ynwenners fan dy doarpen is earst in oanslach fêststeld, dy't letter troch in kommisje forhege of forlege wurde koe. Ut dy list docht bliken dat Eelke Meinerts earst op 36 goun set wie, mar dat de kommisje him fan de *hiele* boete frijskat hat. Dat wiist der op dat er *net* meidien hat oan de reboelje en dêr faeks sels gjin morele stipe oan jown hat. Dat is fansels net alhiel neffens de forwachting en it soe dêrom in goed ding wêze as der oare boarnen foun wurde koenen om soks to kontrolearjen. It is lykwols ek net ûnmooglik dat er yn de dagen fan it oproer net yn it eigen gea wie. Wol biboete binne: syn soan Meindert Eelkes (9-12-0), syn broer Johannes Meinerts (65-0-0), syn suster Fopkje, doe al widdou (20-0-0), en syn sweager Riemer Hendriks (36-0-0).

Ik ha net útfine kind oft Eelke Meinerts it jier dêrop ek de eed fan 'ûnforoarlike ôfkear fan it steedhâlderskip, de aristokrasjy, it federalisme en de regearleazens' ôflein hat, dy't nedich wie om op 'e kiezerslist set to wurden, mar dat soe wol tige ûnwierskynlik wêze. Wol hat er op 28 maart 1803 syn hân set ûnder in ûnthjit fan trou oan de konstitúsje (dy út 1801) en fan ûnderwerping oan de wet⁸⁰. Doe wienen de politike tsjinstellings lykwols al safierhinne saksearre dat ek in Oranjeman dat sûnder biswier dwaen koe.

Neffens it spesykohier hat Eelke Meinerts yn 1799 syn bidriuw oerdien oan syn twadde soan Marten Eelkes (dy't yn 1811 de namme De Boer oannimme soe). Op 19 augustus 1800 hat er in hûs yn de Kollumer buorren koft ('aan de oostkant van de pijp in de kerkebuiren') om dêr fierder stil to libjen⁸¹. Nei alle gedachten wie er doe al widner, mar hoenear't Lysbet Martens krekt forstoarn is, wurdt net dúdlik. Syn âldste soan, Meindert Eelkes (sûnt 1811: Veldinga), wenne ek yn Kollum, dêr't er it birop fan slachter útoefene. Yn maeije 1805 is er dêr boppedat ta doarpsrjochter keazen⁸². Eelke Meinerts sels is, foar safier nei to gean, nea yn publike funksjes keazen, hoewol't soks yn syn neiste femylje blykber neat bûtenwenstichs wie. Wol wurdt er altomets neamd as ien fan de folmachten út 'e Uterdykster klufft.

Yn syn lêste jierren moat er in bulte omgong hawn ha mei Hendrik Jans Siccama⁸³, dy't earst ûnderwizer yn Aldtsjerk west hie en sûnt 1798 boer ûnder Aldwâld wie. Ek hat er in skoft útfanhûze by jonker Van Haren yn it Dútske Eastfryslân. Neffens Halbertsma hat er dêr 'geruimen tijd' tahâlden yn Leer en Loga. Om't Van Haren, dy't earst yn Emden wenne hie, him yn 1803 yn Loga (tichteby Leer) nei wenjen set hat⁸⁴, moat it forbliuw fan Eelke Meinerts yn of nei dat jier west ha. Oft er doe ek Albert ten Broecke Hoekstra opsocht hat, lykas Wumkes himsels ôffreget⁸⁵, bliuwt de fraech.

It kontakt mei de femylje Van Sytzama hat Eelke Meinerts ek yn letter jierren oanhâlden. Ut it femyljearchyf Van Harinxma thoe Slooten koe ik, bûten it al earder neamde rymke, noch trije gelegenheidsgedichten fan syn hân opdijpe, dy't dêrfan tsjûge. It earste is titele 'Op het verbranden van 's Lands hûlk. in den nacht tûsschen den 15 en 16 Maart 1793' en slacht op in ramp dy't doe in soad yndruk makke hat: it forbarnen fan in oarlochsskip op 'e ré by Flylân, dêr't 67 minsken by dearekken. Ien fan de slachtoffers wie de luitenant Schelto Vincent van Sytzama fan Driezum⁸⁶. Dan is der noch in net-datearre, Frysktalich gedicht op it boask fan frelle Anna van Sytzama mei Albert baron van Harinxma thoe Slooten⁸⁷. Alhoewol't my net dúdlik is hwat de letters T.A.E.O. (of T.A.C.O.?) ûnder it gedicht bitsjutte, is oan de hân fan skriuwen dochs klear to sjen dat it fan Eelke Meinerts is. Ek it datearjen is gjin poepetoer, hwant de troudei fan it breidspear wie de sechstjinde febrewaris 1801⁸⁸. Ut 'e earste rigel kin al opmakke wurde dat Eelke Meinerts doe suver net mear oan dichtsjen die ('is mijn Sjonglúst hast verleppe ... '). Dit gedicht fan him is grif gjin poétysk hichtepunt, mar it is wol fan bilang as syn iennichste Frysk wurk fan nei 1783. It lêste stik fan syn hân út it Van Harinxma-archyf is in gedicht op it forstjerren fan Mefrou Catharina Maria van Sytzama (berne van Heemstra), de 'griize Memme' út it foarige stik, op 7 desimber 1804.

Koarte tiid nei de ynliving fan Nederlân by it Frânske keizerryk is Eelke Meinerts op 25 oktober 1810 to Kollum

forstoarn, skraechwurk 78 jier âld⁸⁹. Syn trije oerbleaune bern (de oare sawn wienen doe al wei) sille him ek yn Kollum, dêr't er al yn 1776 as eigner fan twa grêven op it tsjerkhôf neamd wurdt⁹⁰, to hôf brocht ha. Hjoeddeis is der fan syn grêf neat mear werom to finen.

Op 'e persoanlikheit en it karakter fan Eelke Meinerts wol ik yn dit forbân net wiidweidich yngean. Wol soe ik neame wolle dat dêr, bûten itjinge dat út syn wurk opmakke wurde kin, noch it ien en it oar oer bikend is út meidielings fan Dykstra en Halbertsma. Beide witte to fortellen dat er 'bûten rigel strang' wie by it opbringen fan syn bern (myn wurd is myn wet, soe syn biedwurd west ha). Ek fan syn frou, dy't der eins neat mei ophie dat er sa'n soad by syn aedlike freonen útfanhûs wie, ferge er in bult, sa fortelde ien fan dy freonen (Van Haren) oan Halbertsma.

In fraechteken moat faeks set wurde by Dykstra's meidieling dat er yn syn bigryp fan godstsjinst myld en helte ûnbikrompener as syn tiidgenoaten wie, hwat him net allinne miskenning, mar sels de haet fan oaren bisoarge ha soe. Deselde skriuwer fornijt ús noch dat Eelke Meinerts in great master mei de pinne wie, dêr't er portretten of silhouetten fan himsels, syn wiif en oaren fan syn folk mei makke. Syn selsportret moat troch syn âldste soan oan jonker Van Haren jown wêze⁹¹. Dy hat ek noch ris mei syn freon Halbertsma by ien fan Eelke Meinerts syn soannen op bisite west. Halbertsma hat doe in bondel mei Hollânske en Fryske Fersen (sûnder mis de *Mengel-werken*) ûnder de eagen hawn. Syn oardiel dêroer ('ik heb er niets in gevonden dan proza op rijm') kin ek nou noch foar in great part meistimd wurde.

Ut neat docht bliken dat Eelke Meinerts by syn libben in bikend, lit stean in forneamd man west hat. It mei dan sa wêze dat Petrus Wierdsma him wol rieplachte hat, mar dêr stiet tsjinoer dat men syn namme by gjin inkelde tiidgenoat neamd fynt, tominsten as men Marten Easges syn boekelist net meirekkenet. Ek is syn *Aagtje IJsbrants* der wol tige yngien by it folk, mar hwa't dêr de skriuwer fan wie, hat lang net elkenien witten. Syn âl ûnder eigen namme útjown wurk is allegearre forskynd yn it koarte tiidrek 1777-'79 en dêr sil by syn forstjerren ek noch mar in inkeldenien weet fan hawn ha. Allinne yn de omkriten fan syn wenplak moat er wol hwat better bikend west ha, hwant dat Eelke-boer (hwa soe him nou noch 'master Eelke' neame wolle?) in útsûnderlik man wie midsmank it sljochtwei boerefolk, sil net ien ûntstride kinne.

Taheakke

De kâns dat Eelke Meinerts de skriuwer is fan it net biwarre wurkje *Rouwklagt der Gemeente van Pæsens, over het afscheiden van haren Herder, den Wel-Eerwaarden en zeer Geleerden Heer J.A. Kesler; van haar afgescheiden door*

zyn laatste zeer nadrukkelyke Redenvoering na de Gemeente van Bolsward op den 8 July 1770. Benevens een Tegenzang. Door E. Meinderts (Dokkum, by R. Dykstra, 1770)⁹² achtsje ik net sa great. Kalma mei it dan oan Eelke Meinerts taskriuwe⁹³, my liket de namme E. Meinderts gjin biwiis en Peasens hwat to fier út 'e reek.

Hoe wis meije wy der oars op wêze dat Eelke Meinerts de skriuwer fan de anonym forskynde *Aagtje IJsbrants* is? Sûnt de fjirde printinge fan 1861 stiet dat wurk wol op syn namme, mar dat seit fansels it measte net. Al yn 1804 frege prof. M. Tydeman út Leijen yn in brief oan Everwinus Wassenbergh hwa't nou eins de skriuwer fan dat boekje (én fan *De Burkerij*) wie⁹⁴. Wassenbergh hat it net witten, hwant noch yn 1815 moast er de help fan de Nijlanner boer-dichter S.S. Ypma ynroppe om op 'e hichte to kommen mei de identiteit fan de skriuwer fan *Aagtje IJsbrants*. Yn syn andert oan Wassenbergh skreau Ypma:

'Aan UWEdels verzoek heb ik tragt te voldoen en ben bi Jelle Sipkes van Teerns te Ylst gegaan en door hem verstaan dat de eerste opsteller vant leven van Aagjen Ysbrants is geweest Eelke Meinderts voortyds schoolmeester op en Dorp nabi Dokkum daar na boer, vervolgens rentenier dien voor korte tijd nog leefde van welke oude exemplaren Jelle Sipkes een besat die dat met veranderinge heeft uitgeschreven en ter drukpers besteld.'⁹⁵

Yndied wie der yn 1808, dus noch by it libben fan Eelke Meinerts, in twadde printinge forskynd by R. Bransma to Snits 'om dat 'er za volle fen praat en ney freege wurde en net ta kryjen wier...' De bisoarger dêrfan wie dus Jelle Sipkes van Teerns (1738-1823), learaer fan de minnisten to Feanwâlden en letter to Drylts, ien fan de foaroanmannen fan de patriotten en yn 1795 folksrepresentant⁹⁶.

Yn 1827 is der in tredde, forbettere druk yn it ljocht jown troch Frederik Wigerus van Breest Smallenburg, boekdrukker en -forkeaper to Snits⁹⁷. Yn syn foaropwurd dielt Smallenburg mei dat er 'reeds voor geruimen tijd' fan de skriuwer frij krige hie om it boekje op 'e nij to printsjen. Yn in brief fan him oan Wassenbergh fan 31 oktober 1822 lêze wy lykwols: 'Onlangs aan den Heer J.S. van Teerns (...) de vryheid verzogt hebbende, om *zijn* werkje getiteld: It libben fen Aagtje Ysbrands, te mogen herdrukken, ...'⁹⁸. Ut dy wurden kin mar ien konklúzje lutsen wurde: Smallenburg tocht dat Jelle Sipkes sels de skriuwer fan *Aagtje IJsbrants* wie. It hat dus net safolle skild of net Eelke Meinerts, mar Jelle Sipkes wie de skiednis yngien as de skriuwer fan *Aagtje IJsbrants*! Oft de útjowers fan de fjirde printinge wol better wisten út it al oanhelle brief fan Ypma oan Wassenbergh, stiet wol net fêst, mar liket dochs net ûnmooglik⁹⁹.

Bliuwt oer Tydeman syn fraech, hwa't de skriuwer is fan *De Burkerij of it Boere bedrijf*, 'Bij eltjoor brogt

trog ien boere zoon' en yn 1774 to Dokkum forskynd by F. van der Ploeg en H. Groenja. Wumkes woe ha, Feike Hiddes van der Ploeg (1736-1790), ien fan de beide útjowers, soe ek de skriuwer wêze¹⁰⁰. Net elkenien wie fuortdaelk ré om dy ûnderstelling oer to nimmen. Sa wiisde Kloeke derop dat der forskeel yn de oansprekfoarms is mei it ek oan Van der Ploeg taskreaune 'tonneelspul' *De tankbre Boere Zoon*¹⁰¹. Miedema woe op taelkundige grounen ha dat de skriuwer fan *De tankbre Boere Zoon* (mèi *Mayke Jakkelis* en *Het jonge lieuws boosk*) net ien en deselde wêze koe as dy fan *De Burkerij*. Om't wol wis is dat Van der Ploeg *Mayke Jakkelis* skreaun hat, moast *De Burkerij* dus fan in oar wêze¹⁰². Op groun fan biskate dialektyske foarms kaem Brouwer mei de stelling dat de skriuwer 'lokalisearre wurde moat yn Westergeast of hwat noardliker'. Hy tocht dêrby oan Eelke Meinerts¹⁰³.

De hjir nei foaren brochte libbensbisûnderheden meitsje Brouwer syn hipotese earder mear as minder oannimlik. Net allinne wie Eelke Meinerts ommers in boeresoan (en Van der Ploeg net!), mar boppedat wie er yn 1774 al lange jierren boer. Der is ek in greate oerienkomst tusken de stavering fan de earste printinge fan *Volle Gelok* en dy fan *De Burkerij*¹⁰⁴. De taelkundige arguminten fan Miedema, dêr't ek Brouwer op to seil gien is, binne nou lykwols fan twa siden yn 'e kiif steld, to witten troch Dykstra en Breuker¹⁰⁵. Hja wolle der beide op út dat wy dochs yn Van der Ploeg de skriuwer fan *De Burkerij* sjen moatte.

Har arguminten op it stik fan de stavering binne eins dochs to min yn tal om jin to oertsjûgjen fan Van der Ploeg syn skriuwerskip. It foarkommen fan de hynstenamme Kollum yn *De Burkerij* (r. 429) en ek yn it oan Van der Ploeg taskreaune *Ien zeldzam forfal* (mar dan yn de foarm Kollim!) biwiist fierders noch neat. It forneamen fan bisten nei plaknammen skynt doe tige hiem west to hawwen. Yn it *Memori Boek voor de jaren 1773-1782* fan de Grouster boer Ruerd Eeltjes¹⁰⁶ fynt men as kouwenammen bygelyks Akrum, Anjum, Deinom en ek Kollum.

Breuker wiist der noch op dat ek de troch him op Van der Ploeg syn namme sette *Tajift op it Frieske Boere Almanack* 'by eltjoor brocht (is) troch ien boere soon'. Dykstra neamt dat ek, mar konkludearret dochs dat de *Tajift* as gehiel Van der Ploeg frjemd is. Men kin der dus better mar net to gau fan útgean dat 'ien boere zoon (of: soon)' in pseudonym fan Van der Ploeg is, tinkt my.

It wol my ek net oan dat Van der Ploeg de auteur fan *De Burkerij* is. De moralisearjende toan docht my folle mear tinken oan Eelke Meinerts syn dichtwurk as oan dat fan de mear wrâldsk ynstelde Van der Ploeg. Skriuwt Smit ek net dat de 'dreun' fan de fersen yn *De Burkerij* by Van der Ploeg net to hearren is¹⁰⁷ en is der ek net Kloeke syn al oanhelle opmerking oer it forskeel yn oansprekfoarms? Wol soe ik de mooglikheit dat Van der Ploeg as ien fan de útjowers de 'biwurker fan oarmans tekst' west hat, ynskikke wolle. Ien ding moat, as men dan dochs oan Eelke

Meinerts as dy oarman tinke wol, goed yn de rekken hâlden wurde. Dat is dat er der dan tige goed yn slagge wêze moat om efter syn pseudonym forskûle to bliuwen. Oars hienen syn lêzers him nammers doe al op it spoar fan Gysbert Japiks sette moatten, lykas hja dat nou pas nei it forskinen fan *Volle Gelok* dien ha.

Westergeast

Oebele Vries

NOATEN:

1. Ik ha foar it patronimikum de foarm *Meinerts* (en net *Meinderts*) oanhâlden, om't de skriuwer dy sels altiten sa brûkt.
2. W.Tsj.Vleer, 'Eelke Meinderts en de schrijfster Simke Kloosterman waren 'familie'', *Leeuwarder Courant*, 3-2-1962.
3. Forl. J.H. Brouwer syn ynlieding op *De Burkerij of it boere bedrief* (Boalsert 1963), s. 16, en K. Boelens e.o., *Twataligens, ynlieding yn forskate aspekten fan de twataligens* (Ljouwert 1973²), s. 83.
4. *It libben fen Aagtsje Ysbrants, of de Frîsche boerinne. Fierde printinge. Útjown fen Waling Dykstra, mei in wirtdsje foarôf fen T.R. Dykstra* (Liouerd 1861), s. I-IV.

5. Sjoch A.J. Andreae, *Oudheidkundige plaatsbeschrijving van de gemeente Kollumerland en Nieuwkruisland* (Kollum 1885), twadde stik, s. 128.
Buma wie yn 1858 meiwurker oan it Winterjounenocht (sjoch G.A. Wumkes, *Stads- en dorpskroniek van Friesland*, dl. II, 1800-1900, Leeuwarden 1934, s. 286) en yn 1868 sprekker oer it Kollumer Oproer op 'e algemiene gearkomste fan it Ald Selskip (*ibidem*, s. 348). Hy wurdt neamd yn in brief fan Harmen Sytstra oan Tiede Dykstra út 1850 (sjoch Boate Folkertsma, *De stavering fan it Westerlauwerske Frysk yn de njoggentjinde ieu*, Grins 1973, s. 296).
6. Bertejier en stjerdei wienen al in setsje earder - en goed - meidiel troch M.D. Teenstra, *Kronijk, of breedvoerige tijdrekenkundige tafel, inzonderheid voor de provinciën Groningen, Friesland en Drenthe*, dl.I (Uithuizen 1859), s. XXXIX. Mar Kollum is net it berteplak fan Eelke Meinerts, lykas Teenstra opjowt.
7. *De Vrije Fries*, 9de deel (1862), s. 301-326 (benammen s. 324-325).
8. Oer W.A. van Haren: *Nieuw Nederlandsch Biografisch Woordenboek*, dl. VIII (Leiden 1930), spj. 693-694. Sûnt 1825 wie er baron.
9. Provinsiale Bibleteek Ljouwert, Hs. 775.
10. Andreae, o.w., twadde stik, s. 142 en 40.
11. *Nieuw Nederlandsch Biografisch Woordenboek*, dl.III (Leiden 1914), spj. 843.
12. It hânskrikt fan dy lêzing is nou op 'e Provinsiale Bibleteek to Ljouwert (Hs. 486, nû. V^a). Sjoch ek D. Simonides, 'Simke Kloosterman's famkesjierren (1876-1893)', *Fryske stúdzjes oanbean oan prof. dr. J.H. Brouwer* (Assen 1960), s. 228.
13. Meidieling fan Dû. A.D. Wumkes.
14. G.A. Wumkes, *Bodders yn de Fryske striid* (Boalsert 1926), s. 364-376.
15. Mei tank oan de hear A. de Vries to Dronryp.
16. Yn 1941 is de Trieme losmakke fan Westergeast en in selsstannich doarp wurden.
17. RA Ljouwert, Rjochterlik Archyf Kollumerlân Q 8, f. 328^v.
18. D.K. Beintema, *Familieregister met aanteekeningen betreffende de Families Beintema / Alberda / Dijkstra / van Kleffens* (ca. 1920). Hânskrikt yn it bisit fan Dr. J. Beintema to Naarden, dy't ik tige tankje foar syn tastimming om it yn to sjen. By de gearstalling fan dat boek binne in tal nou net mear to bisetten boarnen brûkt.
19. De stjerdagen wurde sa opjown yn it *Familieregister Beintema*.
20. GA Kollumerlân 294.
21. Archyf N.H. tsjerkfâdij fan Westergeast, *tKerke boek van Westergeest* (tsjerkfâdijrekkenboek oer de jierren 1730-1820).
22. GA Kollumerlân 71 (Register van de gehouden verkiezingen).
23. Neffens it gedicht 'Op mijne Verjaring, toen ik 14 dagen voor karstijd 1782, den Oúderdom van 50 Jaren bereikte' yn *Mengelwerken in Rijm en onrijm door E: Meinerts*, s. 135-136.
24. T.E. Teunissen, *Ald Dantumadeel. De Dokkumer Wâlden yn eardere en lettere tiid* (Kollum 1938), s. 198.
Yn it spesykohier fan (bigjin) 1748 komt Meinert Jelles' widdou noch to Westergeast foar, it jier dêrop net mear (GA Kollumerlân 299 en 300).
Mengel-werken, s. 149-154. Hjirefter útjown as bylage B.
25. GA Dantumadiel 146.

26. Sjoch foar de bern fan Eelke Meinerts en Lysbet Martens bylage A.
27. GA Kollumerlân 309 (Kohier van de personele goedschattinge).
29. Neffens dyselde boarne is der op 20-11-1779 in 'Acte en Accoort van Scheidinge tusschen Eelke, Johannes, Beitske, Fopkjen Meinders, wegens hun Ouders Nalatenschap' opmakke. Beitske krige fêstichheden yn Westergeast en Aldwâld, Fopkjen yn Eastwâld tawiisd. Fan dy akte ('Actum Kollum, aan het huis van Eelke Meinerts, onzen oudsten Broeder') ha ik gjin origineel fine kind.
30. GA Kollumerlân 214-224.
31. De feiten oer syn skoalmasterskip komme út *tKerke boek van Westergeest*, foarsafier net oars oanjown.
32. *Memoriaalboek van beantwoorde en verzondene stukken en afschriften gedurende den jare 1816 (-1845) ten behoeve van den Schoolopziener van het 4e District H:N: Ferf*, dl. I. PB Ljouwert, Hs. 1055.
33. H. Sannes, 'Het lagere volksschoolwezen in Friesland in de eeuw van Gijsbert Jacobsz', *Earebondel Dr. G.A. Wumkes* (Boalsert 1950), s. 163.
34. GA Kollumerlân 214-215.
35. Ibidem 216 (op 15 maeije kaem er mei attestaeje oer nei de gemeente fan Lytsewâld).
36. Floreenkohier nû. 317. Aylva-sate lei oan de Raacksterweg (tsjintwurdich Easterboerewei), eastlik fan Kollum.
37. GA Kollumerlân 217-222.
38. *Mengel-werken*, s. 54-56.
39. Sjoch oer it 'hoofdgeld': J.A. Faber, *Drie eeuwen Friesland. Economische en sociale ontwikkelingen van 1500 tot 1800* (Leeuwarden 1973), s. 642.
40. Der ha yn de 18de ieu yn Fryslân trije fêpestgoarren west: 1713-19, 1744-67 en 1768-86. Sjoch J.J. Spahr van der Hoek, *Geschiedenis van de Friese landbouw*, dl. I (Drachten 1952), s. 214.
41. *De Vrije Fries* 1862, s. 324-325.
42. Neffens in yn 1973 yn de eardere waech foun briefke út 1895 (sjoch *Nieuwsblad van Noord-Oost Friesland*, 14-5-1973). Dat fornijt ús fierders dat it rymke út 1779 by dy gelegenheit oan Veldinga jown is. Letter moat it yn it bisit fan Simke Kloosterman kaem wêze, hwant dy hat it yn 1932 skonken oan it Frysk Museum to Ljouwert. It hinget nou yn Stania State to Oentsjerk.
42. Dat is allinne bikend út it boppe oanhelle gedicht (noat 38).
43. *Mengel-werken*, resp. s. 148 en 162-164.
45. Sjoch foar in bisprek fan Eelke Meinerts syn kalvinisme D. Simonides en Chr. Stapelkamp, *De Fryske gedichten fan Eelke Meinerts út de jierren 1779-1783 neffens it Ingwierrumer hânskriift* (Boalsert 1952), s. 15-17 en 20-21.
46. E. Meinerts, *De vernederde en verhoogde Josef. In zes boeken*. Te Dockum, Bij H. Groenia (Eerste deel 1778, Twede deel 1779).
47. Oer Hoogvliet: *Nieuw Nederlandsch Biografisch Woordenboek*, dl. VII (Leiden 1927), spj. 620-621.
48. 'Op de afbeelding van den groten Púikdichter Arnold Hoogvliet' en 'Grafscript op den zelve', *Mengel-werken*, s. 33 en 34. Yn it 'Voorberigt' op it foarste diel fan *Josef* wurdt nei Hoogvliet syn *Abraham* forwiisd.
49. Sjoch noch J.K. (= Koopmans), 'Arnold Hoogvliet's Abraham de Aartsvader', *De Nieuwe Taalgids*, XII (1918), s. 178-201.

50. *Nachtgedachten over het leven, den dood en de onsterfelijkheid der ziele, uit het Engelsch van den eerwaarden Heeren Eduard Young vertaald, en met ophelderende opmerkingen, enz. voorzien door Joannes Lublink, den jongen.* Amsterdam 1766.
51. PB Ljouwert, Hs. 1207. It hânskriift is troch de femylje Beintema oan de Driezumer skoalmaster H.G. van der Veen jown. Sjoch dy syn *Beschrijving van den dorpe Driesum in de gemeente Dantumadeel 1858*, PB Ljouwert, Hs. 1150⁴. Letter is it yn it bisit fan it Frysk Genoatskip kaem.
52. Sjoch bylage C.
53. Yn 1963 troch frou A. Beintema-Van der Meij to Ingwierrum yn brûklien ôfstien oan it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaesjesintrum to Ljouwert.
54. *Us Wurk*, V (1956), s. 82-90.
55. E. Meinerts, *De vernederde en verhoogde Josef*, dl. I (Voorberigt). *Blijdschips Betjoeginge, oon zijn Trogloftige Heegheit Willim de Fijfte, Prins fen Oranje, in za fort. Bij gelegenheit dat zijn Heegheit To Liouwird ijnhelle wirden is, Dij 24ste fen Julius 1773* (op 'e nij útjown as Estrik I, Grins s.j.).
57. P. Geyl, *Gebruik en misbruik der geschiedenis* (Groningen 1956), s. 5; *Nieuw Nederlandsch Biografisch Woordenboek*, dl. V (Leiden 1921), spj. 613.
58. *Volle Gelok en Wolkomst Winsk oon har Trogluiftige Heegheden Willim de Vijfte, Prins vin Oranje, en za vort, en zijn Keuniglijke Prinsesse en Bentjes* (op 'e nij útjown as Estrik III, Grins s.j.).
59. G.G. Kloeke, 'Diplomatische uitgave van een Fries gedicht van Eelke Meinderts in tweeërlei redactie', *Tijdschrift voor Nederlandsche Taal- en Letterkunde*, LXI (1942), s. 170-204.
60. *De Vrije Fries* 1862, s. 303.
61. GA Kollumerlân 71; Andreae, o.w., twadde stik, s. 173.
62. Yn 1963 troch frou A. Beintema-Van der Meij yn brûklien ôfstien oan it FLMD to Ljouwert.
63. G.A. Wumkes, *De Kollumer dichter Eelke Meinerts neffens it Ingwierumer hânskriift.* Ljouwert 1927.
64. Sjoch noat 45. Yn de dêr opjowne útjefte is in oersjoch fan de ynhâld fan it hânskriift to finen (s. 5-10). Dêr moat ien forbettering yn oanbrocht wurde: s.59 a. Graftschrift op Mr Jan Six [S.M. vd Wilp]. - b. Graftschrift op den aanzienlijken Man den Here Horatiús Hiddema van Knijff: mede staat van Vriesland en Grietman over Ferweradeel, etc etc. De Hoogste eerampten in den Staat bekleedt hebbende. [Naar het Latijns dús vertaald. A.A.]
65. Simonides & Stapelkamp, o.w., s. 43-44.
66. *Ibidem*, s. 51-54.
67. RA Ljouwert, Huis- en Familiearchieven Van Harinxma thoe Slooten, nû. 78.
68. Teunissen, o.w., s. 54.
69. T.A. Romein, *Naamlijst der predikanten, sedert de hervorming tot nu toe, in de Hervormde Gemeenten van Friesland* (Leeuwarden 1886), s. 38, 121 en 598.
70. A. J. Andreae, *Kollumerland en Nieuwkruisland geschiedkundig beschreven* (Kollum 1883), s. 153.
71. Lêstneamde moat de skriuwer wêze fan de *Ruoklagt* (sic!) *der gemeentens van Augsbuur en Kollumerswaag over het afscheiden van*

- haaren Waarden hoog geëgten en veel geliefden Zielen Herder; den Wel Eerwaarden en zeer geleerden Heer H. Douma na de gemeente te Burum en Munnekezyl. Dokkum 1772.
72. E.J. Diest Lorgion, *De Nederduitsche Hervormde Kerk in Friesland, sedert hare vestiging tot het jaar 1795* (Groningen 1848), s. 267-284. De Cock wie bisibbe oan dû. Hendrik de Cock fan Ulrum, forneamd troch de ôfskieding fan 1834.
 73. PB Ljouwert, Hs. 1108 (út it bisit fan A.J. Andreae).
 74. K. ter Laan, *Groninger Encyclopedie*, dl. II (Groningen 1955), s. 778; J.S. van Weerden, *Marne-memories* (Leens s.j.), s.152-154.
 75. *Familieregister Beintema*.
 76. J.S. van Weerden, *Spanningen en conflicten. Verkenningen rondom de afscheiding van 1834* (Groningen 1967), s. 286.
 77. *Dagverhaal der handelingen van de representanten des vrijen volks van Vriesland*, no. 22 (Leeuwarden 1795), s. 176.
 78. *Adres van meest alle de uitgewekene Friesche Repræsentanten aan de Nationale Vergadering van Nederland, Betrekkelijk de Friesche Proclamatie van den 31 May 1796* (tekene: Grins 26-6-1796). Johannes Meinerts wie doe net mear yn Grins. Hy hat noch fan 1810 oant 1815 earst adjunkt-maire, letter skout fan Aldwâld west. Sjoch S. van Tuinen, 'Het is aan U, Mijn Heer de Maire! 1813/1814', *It Beaken*, XXVI (1964), s. 146-147, 155 en 172. Yn 1811 hat er de namme Beintema oannaem. De skriuwster Simke Kloosterman is troch har mem Tryntsje Beintema in neisiet fan him.
 79. *Lijst van quotisatie der Ingesetenen, tot vergoedinge der Schaade wegens de oproerige bewegingen opden 3e 4e en 5e Februarij in Collumerland; en elders*. RA Ljouwert, BRF 136-C.
Yn *It Jubeljier* (Grins 1927) lit Simke Kloosterman Eelke Meinerts op in geheime gearkomste tsjin forset-mei-de-die stimme, om't er de tiid dêr noch net ryp foar achte (sjoch s. 269, 279, 491).
 80. GA Kollumerlân 77.
 81. RA Ljouwert, Rjochterlik Archyf Kollumerlân Q 11, f. 509-510.
 82. GA Kollumerlân 71. Yn syn stjerakte wordt er 'justitiedienaar' neamd.
 83. T.R. Dykstra, *o.w.*, s. II.
 84. RA Ljouwert, Persoonlijke Verzameling Nepveu nû. 275 (brief fan W.A. van Haren d.d. 11-5-1803). Yn Leer sels hat Van Haren net wenne.
 85. Wumkes, *Bodders*, s. 369.
 86. Andreae, *Oudheidkundige plaatsbeschrijving*, earste stik, s. 134-136; Teunissen, *o.w.*, s. 84-86.
 87. Sjoch bylage D.
 88. Teunissen, *o.w.*, s. 83.
 89. Register van overledenen in Kollumerland (RA Ljouwert, DTB 446). Op guon plakken, byg. yn de *Encyclopedie van Friesland* (Amsterdam-Brussel 1958), s. 275, wurdt de forkearde datum 25 novimber 1810 opjown.
 90. Archyf N.N. tsjerke Kollum, nû. 103 (Register der Grafsteden van het Kerkhof te Kollum, 1-11-1776).
 91. It is nou net mear to finen, mei't der gjin archyf fan W.A. van Haren biwarre bleaun is (meidieling Centraal Register van Familiearchieven to Utert).
 92. Forskining bikendmakke yn de *Leeuwarder Courant*, 11-7-1770. Sjoch ek Wumkes, *Stads- en dorpskroniek*, I (Leeuwarden 1930), s. 252.

93. J.J. Kalma, 'Werk van Dokkumer uitgevers en drukkers', *Der is mar ien Dokkum* (Dokkum 1959), s. 50.
94. PB Ljouwert, Hs. 1326, nû. 73. 'Gysbert Japix versta ik niet genoeg, om hem met smaak te lezen. (...) Iets beter kan ik te regt met 'De Burkery, - Dokkum 1774.8.' en met 'it Libben fen Aagtje Ysbrants, - Dockum, 1779.' - van welke twee stukjes ik den Schryver wensch te weten' (datum: 28-2-1804). It andert fan Wassenbergh op dat brief ha ik spitigernôch net fine kind.
95. *Ibidem*, nû. 100, oanhelle yn Folkertsma, *o.w.*, s. 40.
96. In gearfetting fan syn autobiografy 'Korte Schets van mijn Leeven' yn H.J. Busé, 'Jelle Sipkes van Teerns', *Doopsgezinde Bijdragen*, XLIX (1909), s. 49-103.
97. Folkertsma, *o.w.*, s. 41. De net út Fryslân ôfkomstige Smallenburg (Benschop 1786-Snits 1833) is ek de útjower fan *IJtlijke Friesche Rijmckes* fan J.C.P. Salverda (1824) en fan de twadde printinge fan Eelco Napjus, *Geschiedkundige kronyk en beschrijving van de stad Sneek* (1826). Sels is er de skriuwer fan it nei syn dea útjowne *Algemeen aardrijks- en geschiedkundig woordenboek, van de provincie Friesland* (Sneek 1833).
98. PB Ljouwert, Hs. 1326, nû. 109 (skeanprint fan my). Sjoch ek Folkertsma, *o.w.*, s. 41.
99. Yn 1954 is yn de Magnus-rige in fyfte printinge forskynd, mei ynliding en oantekeningen fan J.H. Brouwer.
100. Wumkes, *Bodders*, s. 358.
101. G.G. Kloeke, *De beleefde Friese aanspraak met jou, een hoofdstuk uit de geschiedenis der betrekkingen tussen Fries, Gronings, Hollands en Nederlands* (Amsterdam 1941), s. 24, noat 1.
102. H.T.J. Miedema, 'Achtthiende-eeuws Fries', *Leuvense Bijdragen*, LXIX (1960), s. 114-123.
103. Brouwer, *De Burkerij*, s. 14-18.
104. *Ibidem*, s. 17-18.
105. Klaes Dykstra, 'It skriuwerskip fan Feíke Hiddes van der Ploeg', *Us Wurk*, XXIV (1975), s. 94-95; Ph.H. Breuker, 'Oer Frysk wurk, ta to skriuwen oan Feike van der Ploeg, Simon Stijl en mûlk oan C.L. van Beyma', *ibidem*, s. 116-119.
106. Yn it bisit fan de hear O. Santema to Huzum (mei tank oan T. Hoekema).
107. *Dit is ien seldzem almenak. It 'Nieuw Leeuwarder Almanach' út it jier 1778 mei ynliding en oantekeningen fan Jo Smit* (Ljouwert 1973), s. 15, noat 15.

BYLAGE A

De bern fan Eelke Meinerts en Lysbet Martens (troud 1-9-1755)

<i>Namme</i>	<i>Berteplak</i>	<i>Berne of doopt</i>	<i>Troud</i>	<i>Stoarn</i>
1. Jitske	Driezum	23-05-1756 (d.)	18-05-1777 mei Tjerk Geerts (Boersma)	24-01-1825 (Kollum)
2. Japke	Westergeast	26-08-1759 (d.)	29-04-1781 mei Sybe Jacobs (Starkenburg)	10-04-1783 Feankleaster
3. Meindert (Veldinga)	Lytsewâld	1763	23-02-1793 mei Sijke Hendriks	28-01-1836 (Kollum)
4.N.N.	Lytsewâld	?		1779/1780 (Kollum)
5. Klaaske	Lytsewâld	1765	15-05-1796 mei Douwe Ietes (Kuins)	Foar 1805 (Mitselwier?)
6. Martjen	Kollum	29-11-1767 (d.)		1779/1780 (Kollum)
7. Marten (de Boer)	Kollum	30-05-1773	13-05-1798 mei Doetje Douwes	12-01-1826 (Kollum)
8. Luytjen	Kollum	24-08-1775		16-05-1784 (Kollum)
9. Uylkjen	Kollum	03-03-1779	24-05-1801 mei Albert Luitjens (Bakkers)	1802/1806 (Kollum)
10. Japke	Kollum	12-06-1783		Foar 25-10-1810 (Kollum ?)

BYLAGE B

Triúmfliedt van een, die gelovig op de beloften
zich overgedragen en gevonden heeft.

Wie helpt mij 's Heren naam verhogen!
Wie zingt met mij mijn Goëls loff!
Op, op, mijn ziel, nú hebt ge stoff!
Roer alle úw kragten en vermogen!
Triúmf! triúmf! gij zijt geslaakt!
Uit 's Dúivels strikken en úw zonden;
Gelooft zij God! Gij zijt ontbonden;
Uw Heilandt heeft ú vrij gemaakt!
't Beängst geweten is ontheven;
't Beklemde hart verrúimd, verligt;
'k Ben vrij verklaard in 't hoogst Gerigt!
Mijn Regter heeft mijn Schúld vergeven!
Mijn Goël stond tot Borg voor mij!
Beschúldigers, hoe trots verschenen,
Vermogten niet: ze zijn verdwenen:
'k Ging schúldig in, naar búiten vrij!
Onpeilbre liefd van ú, o Vader!
Ontferming zonder wederga!
Immanúël! schenk mij gena;
Zend daar toe me úwen Geest te gader!
Voor eeúwig nevens ú geloofd:
Met al wat in mij is, van binnen; Ps: 103.
Dat ik ú eeúwiglijk moog minnen:
Dat nietwes ooit mijn liefde dooft!
Wie kent úw onnaarspoorbre wegen!
Wie peilt úw raad en overleg!
Aanbidlijk! wonder is úw weg!
Mijn ziele staat verbaasd'.... verlegen!
Moest deze weg, moest deze tijdt,
Daar ge al voor dartig jaar geleden,
Mijn ziele ontdekte, en overreedde,
De tijdt zijn, dat 'k me zelf wierd kwijt!
Moest 'k nú aan U mij overgeven!
Hoe menigmaal heb ik voorheen,
Daar om gewenst, gehoopt, gebeên!
Moest ik zovele jaren leven,
in hope en vrees! beklemd van hart;
Dan afgezakt, door aardsche slommer,
Dan weer genadert, steeds in kommer;
Dan als in twijffeling verwerdt!
Moest nú dat heúglijk úúr verschijnen,
Waar op ik, biddend, heb gewagt!
O! Morgenstond na zúlk een nagt,
Wil nooit úit mijn gezigt verdwijnen!
Wat schone en heerlijke erfenis!
Hoe vielen mij de liefde snoeren! Ps: 16:6.
Hoe voel ik mij in 't wijnhúis voeren! Hoogl: 2:4.
Daar 't hart van liefde als dronken is!
O, God! gij woudt voor zondaars sneven!

Gij hebt op Golgotha gestaan,
 Voor mij, en 't heilig geregt voldaan:
 En schenkt, om niet, mij 't eeúwig leven!
 O, Held! verwinnaar van den Dood;
 Gij wóúdt de hel haar roof ontslaken;
 Om doemelingen vrij te maken!
 Waar toe ge ú zelve, úit liefde, bood!
 Wat heeft de Liefde tog bewogen!
 Dat God, úit liefde 't leven derft!
 Dat hij voor doemelingen sterft!
 Verzúft staat hier al 't aardsch vermogen!
 Ja, de Englen staren van den top 1 Pet: 1:12.
 Des Hemels op 't verbazend wonder.
 Het Leven sterft, het Licht dúíkt onder!
 De dode leeft, en staat weer op!
 O, Wonder krúis! een ergernisse 1 Cor: 1:23.
 Den Jood, den Griek een dwazigheidt:
 Ons is 't de kragt der zaligheid!
 En 't ledigt ons bezwaard gewisse! Rom: 1:16.
 't Gelove in een gehangen Man, en 1 Cor: 1:24.
 Lang als een pest bij elk verschoven,
 Dat stoot vernúft! Het is 't gelove
 Welk 't krúis, bebloed, omarmen kan.
 Gewonden, door de felle beten,
 Der óúde Slang, zien, bevend, heen
 Naar d'opgeregten staak! alleen Num. 21:9.
 Het reddingsmiddel, dat ze weten.
 Daar Ysrel nergens heling vond,
 Dan in 't aanzien van Mozis slang,
 De ziel vindt ook geen húlþ, zo lang
 Zij 't hart op 't woord van 't krúis niet grondt.
 Het staren op dat heilzaam teken,
 Op Golgotha eens opgerigt,
 Al is 't maar met een flaúw gezigt,
 Geneest de ziel, schoon doods bezweken!
 Dit wist ik lang: en zocht ook daar,
 Daar in den troost en steún van 't leven.
 Na dat 'k van Sinai wierd gedreven Exo: 19:16.
 Daar 't niet dan vúúr en donder waar.
 Van Ebal hoorde ik niets dan vloeken; Deút: 11:29.
 Alömmme zag ik bevend heen!
 Op Gerizim daar was 't alleen:
 'k Wist anders nergens heúl te zoeken.
 Maar ongelove, wereldlúst,
 En zelfgekoren dwerrelwegen,
 Met 's Afgronds aanhang, hield me tegen;
 'K vond nergens vasten troost nog rúst,
 Tot ik mijn Heilands opene armen,
 Steeds úitgerekt, om hen te ontvaên,
 Die door hem tot den Vader gaan,
 Mij overgaf en 'k vond erbarmen.
 Dat woord eens úit den mond gegaan
 Van hem die nimmer konde liegen,
 Dat, dagt ik, kan tog nooit bedriegen.

Dat deed me bij de Krúisbaak staan:
 Daar zocht ik, beidend, mij te gronden,
 Op 't heilwoord: schoon benard, door schúld,
 En, eindlijk is het úúr vervúld;
 Mijn zondenpak wierd losgebonden!
 Hoe wierd mijn ziel gevoelig teer!
 Hoe wrogtten togten heen en weder!
 Zo viel ik voor het krúis ter neder:
 Zo zonk ik op den Rotsteen neêr!
 O zalig zinken! zig vertroúwen,
 Daar vloek en schrik de ziele jaagt!
 Heilgierig rústloos harte, ei waag 't!
 Houđ moed! Nooit zal ú 't wagen rouwen!
 Laat tog geen slaafsche schroom of vrees,
 Uw ziddrend hart, wanhopig, tomen!
 Wil vrij als een doodweerdge komen:
 Geloof, tot Jezús ú genees.
 Mij arme en door de schúld verpandde, Rúth. 3 en
 Heeft Goël, in zijn Júbeljaar, 4. vergel: Lev:
 Genaast, gelost en úit gevaar, 25. Exod: 21 en
 Gesteld en in de beste handen! Num: 35.
 Bloedwreker hadt geregt op mij Dút: 19:4 en
 Schúldëischer, stond ik ú verbonden: Jozúa 20.
 ik heb de Vrijstad júist gevonden:
 De dag was voor mij daar! 'k Ben vrij!
 Zo wierd ik Goël zijn gekogte!
 Hij heeft mij aan 't verderf ontrúkt;
 Daar 'k, dan wat rúimer, dan gebúkt,
 in hope en schroom, zo lange zogte.
 Nú ben 'k, in leven en in dood,
 Dan de úwe! ik ben aan ú gegen¹,
 En dit 's mijn eengen troost en leven,
 Mijn vrijden úit mijn grootsten nood!
 Nú leve ik eerst, en door 't gelove: Gal: 2:20.
 Neen... ik niet meer, maar gij in mij, en elders.
 Gij zijt mijn leven, Jezús, gij
 Gij zijt mijn leven: dat, hier boven,
 in God verborgen is, en eerst Koll: 3:3.
 Te leven heten zal na dezen!
 Mijn Heiland! O!!!! wat zal 't dan wezen!
 Mijn ziel verlangdt daar naar op 't zeerst! Ps:42:1,2.
 Niets wensch ik hier nú meer te weten, 1 Cor: 2:2.
 Dan Christús, eens voor mij gekrúist. Gen: 3:15.
 Hij heeft den slangenkop vergrúidt², Ps: 68.
 Haar staart geklonken aan een keten.
 Ben ik verzoend door Jezús dood,
 Hoe zeker ben 'k dan door zijn leven!
 Aan 's Vaders regterhand verheven,
 Bidt hij voor mij, 't is nú geen nood!
 Wie zal me úit úwe liefde rúkken! Rom 8.
 Voor eeúwig ben ik in úw handt!
 Niets is te doen van mijnen kant,
 Dan steeds úw liefde op 't hart te drúkken;
 En mij tot úwen dienst geheel,

Met alles, overgeve en stelle;
Uw grote goedigheidt vertelle;
En in úw hand mijn zaak beveel.
Mijn Jezús, moet ik hier nog beiden,
Uitwonen, maak mij ú getroúw!
Och! dat de tijdt het nimmer woúw,
Dat ik út úw nabijheidt scheidde! 1 Joh: 1:2.
Mijn Voorspraak, bid en waak voor mij! Joh: 17.
En leer mij trouw úw naam belijden;
En laat mij steeds in ú verblijden:
Tot ik, daar boven, bij ú zij!

E:M: den 20
Mai 1783.

1. *gegen Lês gegeven*
2. *vergrúidt Lês vergrúisdt*

BYLAGE C

Twa fragminten út 'e 'Voorreden' ta *De Kristelijke Ridder*

Gij hebt hier den Kristen Ridder; vertonende, in zijn perzoon, het beste en ware Kristendom, in zijne opkomst, toe en afnemengen, - wisselvalligheden van licht en dúister, en vele ontmoetingen. Hoe God zijne kerk, tot op heden geleidt en staande gehóuden heeft; daar het nog kwijnend en slordig Kristendom in een allerdeerlijkste ongesteldheid, helaas! van mij schoon gelaten wordt, gelijk het einde úitwijst, het egter nog zo vaderlijk gelokt geraden en bestúird wordt, van God, om het te genezen door de allergepastste middelen; daar wij, in voorúitzigt, onze hope grondende op Gods genadige en vaderlijke trouwe, in de waaragtige vervúlling zijner beloften, onder hartzúgt en bede tot God, op des Ridders herstel wagten niet alleen, maar dat de Algoedheid dien tijd haast doe dagen.

ik heb in drie zangen, of boeken, en dus ook in zo veel perken, het werk gedeeldt. Het eerschte eindigt met den heerschenden opkomst des Antekrists; behelzende dús een tijdperk van, ongeveer, negenhondert jaren; het tweede met de scheúring van ons en de Remonstranten; bevattende dús den tijd van 700 jaren, of daaromtrent; het laatste eindigt, met dezen tegenwoordigen tijd.

Alras, met het begin van den Loop mijns Helds, ziet men hem aanvallen: geen wonder! hier toe was hij gezet; hij moest al vroeg den strijd leren en het wapentúich aanhebben. Zijn Hoofdman was hem hier in voorgegaan, eischte dit van hem, en leerde hem hier toe; gelijk hij hem daar toe dan ook geheel úitrúste en bemoedigde.

De wapenen waar mede de Ridder te strijden heeft zijn eigenlijk geestelijke, gelijk ook zijne Vijanden; die men voornamelijk tot deze drie hoofd generaals, de Dúivel de Wereld en het Vleesch brengen moet. Maar ik heb de bejegeningen die het Kristendom úitwendig overkwamen, of ontmoeteden, met de Ketterijen en des zelfs eerste en voornaamste drijvers, als Goden, Heidenen, Túrken, Papisten en andere, onder den schijn van een úitwendige oorlogsvertoning doen doorgaan, of voorkomen; waar door ik niet altijd heb kunnen verhoeden van enige denkbeelden in onvatbare, of onkúndigen, te verwekken, als of de Ridder, door enen eigenlijken of Lighamelijken oorlog, en een stalen, aards, wapentúich, zig verdedigde, vogt en overwon; ofschoon ik bij tijden, dúidlijk, dede verstaan, dat het onëigenlijk moest opgevat worden. Om de overëenkomst van enen eigenlijken oorlog met eens Kristens geestlijken strijd, heb ik het dan, zoms ingewikkeldt, tot zúlke voorkomingen; en zo moest ik, omdat ik door stalen wapenen mijnen Held zo dikmaal zag bestrijden: zelfs hem aan zijn Lijf gewond en vele zijner kinderen gedood, gelijk in de grote en eerste,

Heidensche, vervolging, die hier voorkomt onder de woede en 't geweld, van een tienhoofdig monster; en zoals 't vervolgens onder den Túrk en het Antekristis beest, Babel, is gebeúrt.

Dan eens vertoon ik den Ridder als een enig Perzoon, dan als een groot húsgezin hebbende, vroúw en kinderen, enz. zoals het, naar omstandigheden, verëist wordt, en moest voorkomen.

Ziet gij den Kristen moedig, groeijende in getal en voorspoed in de verschrikkelijkste woede der úitwendige vervolging, het vertoont den Godzaligen yver en het toenemen van het regte Kristendom; terwijl daarna, in rúst en voorspoed de Kerk zorgeloos, verzwakt, en opgevúld wordt met een deel úitwendige, het hús bedervende Belijders: welke slegts maar om tijdelijke voordelen Kristenen wierden; waardoor 't Hús van mijnen Kristen bedierf; wijl de Ketterijen ondertússchen vermeerderden; de Vijanden, als Het Túrk- en Paúsdóm de Kerk drúkten en vervolgden; totdat ze als niet meer zichtbaar was. Verbeeldende dit het te bedde liggen van den, verzwakten, Ridder; terwijl 't ons toont hoe de ware Kristenen die er, ten allen tijden, nog geweest zijn, úit onvermogen en vreze zig verbergden; tot dat ze, gelijk in de Waldenzen, in Vrankrijk, gebleken is, weêr, door moed en sterken aanwas, in de vlúgtende of verbergende gesteldheid sterk aangegroedt¹ zijnde, zig weer vertoonden, daar 't beest, Babel, kennis van krijgende, de zelve wreed vervolgt en zoekt te vernielen: tot dat, door de Herformers, in Bohemen, het gezegend licht der Reformatie aanbrak, dat deze zwakke dús te stade kwam; terwijl de moedige en wakkere Lúter het Beest opentlijk te keer gaat: en, in weêrwil van alle woede, ontkomt; tot grote blijdschap der onderdrúkte, zwakke en zúgtende welmenenden. Lúter noem ik een van Kristens magen, schoon in enen verren afstand; omdat het Paúsdóm, wel verre van het óudste geloof te hebben, úit het hús en geslagt van Kristen, weleer, ontsproten en afgeweken is: of om deze reden; dat Lúter enigzins de waarheid altijd was aanklevende geweest. in dezen verren afstand noem ik veel bedúrven Kristenen Kristens magen, gelijk opmerkenden begripen zúllen. Zo dat die als namagen en vrienden, in 't werk voorkomen, altijd geen vrienden zijn; waar mé Kristen, op 't náuwst, verënid is: neen; maar zodanige die úit hem ontsproten zijn, of het, om deze of gene reden, meer of min, met hem hóuden, of thans het schijnen, en zig naar zijnen naam noemen, of die van zijnen Heer: hoewel dat dit niet zo verre gaat dat ik het die alle noem: om reden, die zo wel niet voegen nog eigenáartig zijn.

Waarschijnlijk zal ik op deze, voor den Kristen zeer gelúkkige verandering, waar over hij zo moedig wordt, dat hij, verheúgd, Lúter, zijnen zoon, komt kússen, terwijl Rome en den Afgrond, in doller woede bedwelmd en verbaasd stonden, de Hel enen te vergezogten en ongeschikten Rol doen spelen: vertonende de zelve in ene lange, verwerde, zamenspraak, als een raadsvergadering: om het voor haar

spijgend geval en de schade te vergoeden, of te wreken.

Heb ik mijne spelingen hier te veel bod gegeven, verschoon mij! Het was, mijns oordeels, niet ongeschikt, of onnatúúrlijk, maar zelfs welvoegende.

Wat na de Herforming mijnen Ridder, of Kristen, ontmoet is, tot op dezen dag, kan men, vervolgens, in tijds order zien. ik zal geen bijzonderheden, bij dezen, daar van melden; het ene zal na 't ander, in order, volgen: waar in ons het verdélen van Kristens groot gezin, in ene beklagenswaardige zijn hús bedervende gedaante zal voorkomen; het welke op meerdere verbastering úitloopt en het Kristendom zig in die gestalte bevindt waar in het heden is, als ik niet mis!²

1. *aangegroedt* Lês *aangegroeidt*

2. *als ik niet mis!* Yn in oare, hwat greater letter skreaun

BYLAGE D

De Fryske gedichten út it archyf Van Harinxma thoe Slooten

I

op dij vreúnschip

Vreúnschip is az kalk en zaât,
 Der 't geboúw ta gierre haât
 End der 't alles trog ken doerje!
 Viúnschip¹ ken dij harten snoorje
 Vreúnschip jout oon alles tier:
 Zonder vreúnschip nin plisier!
 Dit ken jouw mijn vreúnschip tjoegje!
 'K Hoop vreúnin 't zil jouw fornoegje.

II

Op it Boask fen dij Heegwolberne
 Albert fen Harinxma, toe Slæten, en
 Anna fen Sijtzama. etz. etz.

is mijn Sjonglúst hast verleppe,
 Alles dof en tor en sloeg,
 Keel en longe schor en droeg
 'k mat mijn kreften dogs nou reppe:
 'k Nim dij Penne en schrieúw ien Dicht,
 ik wol, ik mat, 't is lúst en pligt.
 Zoe 'k nou net ien wirdtje zisse,
 Der mij tijd en berte it jout!
 Der ien Peær Geleæven Trouút
 Der mij altijd heeg mot lisse!
 Heer mijn wensch dan roemrijk Peær!
 Hijmmel leefde vlij jo geær!
 Edel Peær fen hert en Namme,
 Hab Gods zeining in jons steæt!.
 Húpsche Harinxma to Sleæt,
 Schone Twijg fen Sijtsma's Stamme,
 Wes gelokkig ijn jons Egt!
 Dat er God zijn ginste oon Legt!
 Kúische leáfde motte y preæúwe,
 Fræmd fen wijlde en ydle lúst:
 Reine leáfde omærmt en kúst,
 Az dij wylde flammen streæúwe.
 Wiere leáfde is az it zaot,
 Der dij Egtsteæt doerjend haot.
 Libje folle jirren hinne,
 Geest en Ligham zoon en fest:
 Alles tijge ta jons best:
 Schone Telgen matte y winne:
 Ta jons lúst en Heegstens eer
 Braúwe twa! ja jitte meer!

'k Wenskje dat jons grijze Memme
 Oon dit Boask jit minnig jier
 Habbe mej ien greæt plisier:
 Zij mei jon oerien mei stemme
 in genoegjen, her ta nût:
 Her ijn d' adde dej ta stút.
 Broers en Sústers mat it noegje
 Folle jirren, wol en zoon.
 Disse Egte lisse ien groon
 Der twa Húizen geær kin foegje:
 Beijde Húizen smeitze it goed
 Fen dit Boask in 't jongste bloed.
 Zoe 'k mijn wensk jit vierder strekke
 'k Moest den boppe tijd en wad.
 Steer dan net az from en en² ad!
 Rest ta dat jo 't rop zil wekke,
 Ta dij Briúloft zonner ein:
 Za wirdt dan jons lok foltein.
 T.A.E.O.³

1. *Viúnschip* Lês *Vriúnschip*
2. *en en* Ien kear *en* oerstallich
3. *T.A.E.O.* Mooglik *T.A.C.O.*